


1-2-977

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

=====

REDAKSJE: Henny Leicht,
 Wyke Blanksma-v.d. Witte, tel. 9487
 Jan Melchers, ,, 4116
 Rients van Buren, ,, 9280
 Jan Dijkstra, ,, 9498

REDAKSJEADRES: Sylroede 5.

.....

Foarwurd:

Het tweede dorpskrantje ligt nu voor U. De redaktie heeft tijd nog moeite gespaard om deze tweede uitgave nog mooier en beter te laten zijn.

In het vorige nummer was door de redaktie gevraagd om een naam te bedenken voor het dorpskrantje. Nou, de Tjerkwerders hebben hierop gereageerd!

De redaktie ging na lang en rijp beraad over tot het vaststellen van de naam. De naam, zoals U heeft kunnen lezen aan de voorkant van deze uitgave, luidt:

" IT SKIEPPESTURTSJE "

Verschillende suggesties kwamen binnen: De Postdou en De Wiekslag (Trudy Reidsma); De Mounewiek en 't Flerkje (G. Reidsma-Bakker); de Rabbelskûte (J. Huitema); Under

de Tsjerketoer (v.d. Berg, Iemswâlde); It presen-
tearbledzje (Tj. Draayer); 't Waltablêd, etc.
(M. Galama, Arkum).

Maar de winnaars van een prachtig Fries kruikje
"Beerenburg", zijn geworden:

Sietse Bakker; Michiel Galama;
Harm de Boer; Henny Postma;
J. Huitema.

Allen van harte gelukgewenst!!!!

De prijs zal door de redaktie bij de winnaars
thuis worden bezorgd. Aan allen, die een naam
hebben ingezonden, hartelijk dank!

De reaktie op het eerste nummer was erg positief.
De heer H. v.d. Veen uit Sneek, zond een brief,
waarin hij ons veel succes toewenst bij het laten
uitkomen van het dorpskrantje.

Wij hopen, dat deze tweede uitgave door Tjerkwer-
ders en oud-Tjerkwerders met veel plezier zal
worden gelezen.

J.M.

=====

NIJE YNWENNERS:

Op 'e pleats fan de fam. Dykstra (Siep, Jouke en
Minke) binne, sûnt inkelde wiken, kommen to wenjen:
JOHANNES (28) en SYTSKE (24) DYKSTRA-BOUWHUIS en
dochter ANNE MARIJKE. Anne Marijke is noch gjin
jier en stout nou al per de tafel!
Se binne rooms katholiek.

FROULJUSFORIENING:

Woansdei 1 juni hâldt de frouljusforiening wer har jierliks reiske. De reis giet earst oer Dokkum nei Lauwerseach, hwer't wy kofjedrinke sille. Dêrnei op nei Uthúzen, nei de "Menkemborg", in kastiel hwat wy bisjen kinne. Middeis, nei 't bôlehapke, giet dan de reis nei Haren, hwer't in botanische tún op it programma stiet; dêr kinne de simmerklean wol oan, hwant it is der meastentiids tige brodzich.

Hjirnei helje we hwat "frisse lucht" yn'e bosken rounom Norg en dan geane we op nei Beetstersweach, hwer't we mei-inoar geane to iten. Jouns acht ûre binne we hwer thús.

We soene it tige gesellich fine, as der ek froulju bûten ús foriening meigeane, hwant wier, it is altyd in moaije dei en Jo binne der ek ris út, nou!

=====

ORANJEVERENIGING:

Onze ver. kan U alvast vertellen, dat het zomerfeest is vastgesteld op 12 en 13 aug. We willen openen met een grote optocht. Hier kunt U dan vast maar over denken. Het is wel de bedoeling om dit jaar een bijdrage van U te vragen in de vorm van zakjes, "Sint heeft n.l. nogal wat reserves opgeslokt".

Tryater komt de eerste avond weer met het vervolgstuk "Hwa wurdt Beppe". We dachten de tweede avond alleen voor het dorp te houden. De muzikale omljsting van het gehele feest, wordt verzorgd door: "RECOVER"

Tot het volgende krantje.

I.G.

-0-0-0-0-

BURGERLIJKE STAND:

Op "Beabuorren" is berne: MARTINE AAFKE, famke fan Tine Hylkema-Jukema en suske fan Sjoukje en Haijo en op Sylroede 1: ALEX, soan fan Harry en Hilly Draaisma, broerke fan Carolien.

SPORTFORIENING:

15 April hat it bistjûr fan 'e sportforiening in ledegearkomste organisearre. It wie foar ús ek de earste kear, dat we yn 'e iepenbierens trêdden en miskien dat er dêrtroch nochal hwat minsken kamen, dy't wolris witte woenen hwat de sportforiening krekt útsjoent. Hwat wol spitich wie, dat gjinien fan 'e bistjûrsleden fan doarpsbilang oanwêzich wie, om't wy dochs de gedachte hiene, dat in sportforiening yn't "bilang fan it doarp is". Wijsels hienen dan it idé (om't it de earste kear wie), dat de gearkomste binnen 2 ûren wol bisjoen wêze soe, mar troch in protte kritische fragen út it publyk, duorre it oan't 11.30 ûre. It wie bytiden knap rumoerich, sadat de foarsitter mucite hie syn stim der boppenút to krijen, dit wie foar J.M. reden to mear om op syk to gean nei in hammer en in stikje hout, hwat him slagge, om dit oan 'e foarsitter to jaen, hwer't de foarsitter tankber gebrûk fan makke!

De greats fraech foar ús wie hieltiten oft it sportterrein wol as net iepene wurde koe op 30 april. Lokkich krige de foarsitter deselde middeis it birjocht, dat it trochgang fine koe. Lykas eltsenien wit, is it dan ek trochgien. Op 30 april waard it iepene mei in fleuriche noat troch de musykforiening "Eensgezindheid". Doe briek it sportgeweld los. 10 Ure wie der in ledeparty keatsen, dy't pas om 2 ûre ôfroun wie, hwêrfan de lokkiche winners de jouns in moaije beker yn ûntfangst nimme koene. De winners wienen:

1e priis: Meindert v.d. Wal, Jan Dykstra en Rein v.d. Wal.

2e priis: Durk Bakker, Bertus Walsma en Fokke Gietema.

Tagelyk mei it keatsen startte ek de ledeparty volleybal, dy't tige glêd forroun troch de help fan rêwillliche frijwilligers, dy't fluiten en de stân byhâlden. Ek hjir waard de jouns in earste en twadde priis oan de winners útrikt. De winners hjirfan wiene:

1e priis: Gosse Hofstra, Durk Hiemstra, Ineke Dykstra, Egbert Batteram, Huub Witteveen, Rinske Gietema.

2e priis: Hylke Feenstra, Hinke Gietema, Sietse Gietema, Broer Dykstra, Trudy Huitema, Hannie Huitema.

De middeis stie der noch mear op it program en dizze kear hwat foar dê bern fan 6 o/m 12 jier. Der wie in saneamde "spelen olympiade". Dit bitsjut, dat elts bern in briefke krige en punten opgarje moast, dy't men krije koe by elts spul. Doe't eltsenien de 9 spullen dien hie, moasten se de briefkes ynleverje. Nei optelling fan 'e punten fan elts briefke, kamen der 7 winners út 'e bus en wol:

Jan Hiemstra, Janneke Gietema, Jelle Twijnstra, Bea Gietema, Jelle Feenstra, Wiebe Huitema en Ruurd Gietema.

Neffens goed gebrûk, wie ek dizze dei it tradisionele oranje-sintsje hwer folop oanwêzich. Foar dit moaije waer, wiene de bern, mar foaral ek de organisatoaren dy't harren ynset hiene om alles goed forrinne to litten, tige tankber. Tinkris, dat sneon it waer fan snein oer ús kommen wie (brrrr). En krekt as der noch net genôch dien wie, wie der ek noch in greate forlotting, dy't ús troch de "Oranjeferiening" tasein wie. Dit barde yn'e pauze fan it tige wolslagge tonielstik "Portret fan Pake", spyle troch de "Boalserter Krite".

De totaâl opringingst fan de goed forroune forlotting, hie in totael fan f 971,50. Der binne inkelde prizen lizzen bleaun, dy't troch de eigeners forgotten binne en dy't men by Wyke Blanksma wei helje kin. Al mei al kinne we werom sjen op in sear wolslagge keninginnefeest.

Nou hwat oer de fierdere sportaktiviteiten.

Tiisdei 3 maeije gyng de 1e keatsjoun fan start mei in goede bisetting.

Woansdei 4 maeije en tongersdei 5 maeije koene de folleyballers op it fjild tolânne. Hjir wie ek in greate bilangstelling foar, sadat allebeide jonen, 5 partijen formeard wurde koene.

Keatsen is tonei eltse tiisdeitojoun, mar de volleyballers moatte in keuze meitsje, hwa't woansdei-, dan wol tongersdeitojoun volleyballe kin, as wol. Dizze bislissing, sa as jimme witte, moast nei 2 wiken bikend wêze. Dit bitsjut dat eltsenien woansdei 18 maeije en tongersdei 19 maeije, syn bislút oan ien fan de oanwêziche bistjûrsleden kenber meitsje moat.

Mei it opromjen fan it materiael hawwe we lokkich gjin probleem om't de hear Huitema hiel bilangeleas syn skuorre bisikber steld hat!!!

FUOTBALJEN: yn'e earste wike fan'e boufak-fakânsje. Hoe't dit krekt forrint, kinne jo tsjin dy tiid lêze op de meidielingslisten, dy't yn it forfolch ophongen wurde yn'e vitrines fan it Waltahús.

KEATSEN:

9 july om 1 ûre. Dan is der federaesje-keatsen foar skoaljonges; mear hjiroer ek yn'e vitrines.

AEISYKJE

De tiid fan aeisykjen is wer foarby. De rêst is werom, de greiden lizze wer stil en forlitten. Mar it hat ús alle-gearre dwaende hâlden, Friezen en net-Friezen.

Wy hiene doedestiids de pake- en beppesizzers útfanhûs en oanfitere fan harren opteinens om aeijen to sykjen, setten wy meiinoar it fjild yn.

Minsken hwat ha wy roun, ûren oanien greiden ôf-socht fan lofts nei rjochts, fan foaren nei efteren, mar ..
..... nearne in ljipaei.

De toloarstelling wie great, mar dochs hiene wy genoaten fan'e frisse kuyer en hiene dêr op 't lêst frede mei.

"Wy kinne it net, dêr moat men in echte Fries foar wêze", wie ús einbislút, mar it die bliken, dat dat net alhiel wier wie.

Lit der nou koartlyn sa'n echte Fries by ús komme mei it folgjende forhael: syn omkesizzers soene útfanhûs komme en dan soene se meiinoar bitiid fan 't bêd om to aeisykjen. Hy koe sels ek net aeisykje, mar hie der wol hwat op foun. In joun earder wie hy nei de skoalmaster (in bitûfte siker !!!) tein om to freegjen oft hy ek in pear ljipaeijen yn't lân lizze woe om wis to wêzen fan sukses. Sa sein, sa blien, de aeijen waerden kreas yn in nêst weromlein en de rjochting waard oantsjut mei (VIVO) flaggen.

De care moarns giet "omke" as in folleard aeisiker efter in hikke sitten, stoarret it fjild oer en seit dan: "ja, dêr moat in nêst lizze".

En ja hear, it wie sa en tige foldien giene omke en omkesizzers nei hûs mei in pear ljipaeijen.

Nou witte wy ek, hoe 't wy it fuortoan dwaen moatte !!!!

Iemswâlde 3.

=====

Een aantal dames uit Tjerkwerd, die lid zijn van de Chr. Vrouwenbond Bolsward, zijn dinsdagmiddag 26 april j.l. naar de V.L.F.-fabriek in Bolsward geweest. Toen we daar aankwamen stond er al gauw een geurig kopje koffie of thee op ons te wachten, wat erg in de smaak viel. We kregen een prima rondleiding en daarna werden er nog enkele dia's vertoond van de fabriek, natuurlijk ook met uitleg. Omdat er veel dames waren, werden wij in 2 groepen verdeeld. Na afloop kregen we een doosje thee-zakjes gratis aangeboden. Het was een leuke middag.

KERKKOOR:

14 April j.l. hield het kerkkoor Tjerkerd-Dedgum haar jaarvergadering. Deze keer was het wel een andere vergadering dan normaal, want het koor had dit jaar n.l. 20 jaar bestaan. Bovendien had Binkje Kuipers, die nu helaas bedankte als bestuurslid, 10 jaar de penningen beheerd. Ter ere van het eerste feit, werd er getrakteerd op koffie met een lekkere koek en nog 2 consumpties gratis. Daar werd verder niet te veel tam tam over gemaakt, des te meer feest kan het worden met het 25-jarig bestaan. Maar natuurlijk moest de scheidende penningmeesteres al even in de bloemetjes worden gezet. Voorzitter E. Feenstra prees haar om de wijze, waarop ze haar werk altijd had gedaan. Het jaarlijks voorlezen van de stand van de financiën, was elke keer weer lachen, gieren, brullen !!!, want Binkje kon het altijd op een speciale manier naar voren brengen. Ze sloot haar werk af met een flink batig saldo, wat dus getuigt van een goed "skathâldster". G. Reidsma-Bakker spelde haar een mooie corsage op en namens het koor bood Coby Hofstra-Draaijer haar een leuke attentie aan. Binkje was eigenlijk helemaal overrompeld door dit gebeuren, daar ze er zelf nooit bij stil had gestaan, dat ze al 10 jaar in functie was geweest. Des te groter was de verrassing voor haar. Ze bedankte ieder hartelijk voor deze huldeblijk!

De vergadering vervolgde nu de agenda, door het kiezen van 2 nieuwe bestuursleden. De stemming verliep zeer vlot. Janny Poelstra-en Sjoerd Breeuwsma werden gekozen en namen de functie beiden aan, wat wel even een applausje waard was. In de rondvraag werden nog wat ditjes en datjes besproken en na de pauze hebben we nog gezellig gequizzt, waar de herens behoorlijk mee werden geschraapt. Ook ezeltje prik viel goed in de smaak en tot slot mochten we nog proberen zoveel mogelijk kegels tegelijk om te gooien. We hadden zo samen een heel genoeiglijke avond en om + kwart voor elf gingen we voldaan naar huis.

C.H.D.

Aktiviteiten fan DOARPSBILANG.

.....
.....
.....
.....
.....
.....


It Bistjûr.

SNYPSNAREN.

- bij Wieke Blanksma binne de folgjende prizen fan de forlotting jit ôf to heljen : ûnderseters, 1 spiegel, 1 fondueskael, 1 wandskael mei skip.
- lytse Ankie Poelstra fan 'e Sylroede gyng de buert op en plante rounom "karbonaedsjes" en lit der nou "afrikaentsjes" opkomme premier Vorster, pres. Amin ensfh. !!! Yt lekker.
- op 25 maeije hawwe yn ús doarp sitting yn it stimburo : Ulbe Hiemstra (Wytmarsum) , Anne Gietema en Gurbe Brandsma.
Stimadflies fan 'e redaksje :

S T I M, hwerop kin neat skille !!!!!!!
=====

- Brechtsje en Rinske hawwe it bûsjild oersjoen, dat foel net ôf en nou komt der aenst in nije fila.
- ús korps hat in nije dirigint yn it plak fan Buis. Jan Blanksma is de nije man.
- hawwe Jo de nije bekenist fan Eensgezindheid al huffen sjoen ? Just Jan Melchers.
- Jehannes Gietema is net mear forliefd, mar..... forloofd.
- by Ule Haarsma hat in Wouter ûnderkommen foun bij in geitemem.
- by Hein Gietema sieten fûgels en nēsten yn 'e skoarstien, alles rekke "roekswart" en nou fansels yn't nij. Mei koarten "iepen dei" ????
- kopie ynleverje foar 15 juni.
- it nije jaske fan ús Skieppesturtsje is makke troch Albert van Lingen Jr. to Ljouwert, kunstner yn ieren en sinen. Tige tank.



3

3